



K O N I N K L I J K E N E D E R L A N D S E
A K A D E M I E V A N W E T E N S C H A P P E N

Besprek Lokkich Fryslân [Review of: M Knibbe (2006) Lokkich Fryslân : Landpacht, arbeidsloon en landbouwproductiviteit in het Friese kleigebied, 1505-1830]

van der Meer, P.L.G.

published in

It Beaken

2010

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

document license

CC BY

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

van der Meer, P. L. G. (2010). Besprek Lokkich Fryslân [Review of: M Knibbe (2006) Lokkich Fryslân : Landpacht, arbeidsloon en landbouwproductiviteit in het Friese kleigebied, 1505-1830]. *It Beaken*, 72(1/2), 139-141.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knav.nl

Merijn Knibbe (2006)

Lokkich Fryslân. Landpacht, arbeidsloon en landbouwproductiviteit in het Friese kleigebied, 1505-1830

Groningen-Wageningen: Nederlands Agronomisch Historisch Instituut

Peter van der Meer (Fryske Akademy)

De wichtichste boarnen foar *Lokkich Fryslân* hawwe west: de jierrekens fan in stikmannich gasthuzen, de gegevens fan it Histoarysk GIS-Fryslân en de boelbeskriuwings fan Hinnaarderadiel foar it tiidrek 1551-1565. Merijn Knibbe hat oare primêre en sekundêre boarnen brûkt: belestingkohieren foar Ljouwert en Frjentsjer foar de earste helte fan 'e 16^{de} ieu, de *Aanbrengh* fan 1511, de *Aanbrengh* fan 1540 foar Ljouwerteradiel en Ferwerderadiel, de Benefisjaalboeken fan 1543 en in beheind tal boekhâldings fan pleatsen. Knibbe hat foar syn ûndersyk it model fan it Fryske boerebedriuw en de bedriuwsfiering tusken 1511 en 1830 brûkt. Dat model is foar in grut part basearre op 'e ideeën fan Jan de Vries en fan Ester Boserup. Troch ynvestearrings en spesjalisasje kin net allinne de produksje, mar ek de produktiviteit fan 'e keazen aktiviteiten ferhege wurde en dat is neffens De Vries bard yn 'e Nederlânske kustgebieten nei 1500. Boserup hat oantoand dat troch yntinsivearring fan it grûngebrûk yn in pree-yndustriële ekonomy de produktiviteit de hektare tanimt. Dêrtroch kin in bepaalde oerflakte lân foar in gruttere befolking iten opleverje. De arbeidsproduktiviteit wurdt dan lykwols leger: it bewurkjen fan lân fan minder goede kwaliteit freget ommers in hegere ynspanning om ta in goede rispinge komme te kinnen.

Beide modellen fan De Vries en Boserup binne letter oanfolle troch Jan Bieleman, dy't de ûntjouwing fan 'e Nederlânske lânbou fan 1500 gearhingje lit mei de groei fan in tal stêdlike sintra yn Hollân en Flaanderen. De fraach nei iten en oare agraryske produkten yn dy sintra beynfloede oant op grutte ôfstân de lânbou yn de omlizzende gebieten. De groei fan 'e ekonomy en fan 'e befolking fan Hollân hat neffens dit model laat ta in gruttere fraach nei û.o. Fryske lânbouprodukten. Troch dy gruttere fraach en it omheech gean fan 'e prizen, krigen de Fryske boeren de kâns om te ynvestearjen en te spesjalisearjen op in op 'e stêdlike fraach rjochte produksje, benammen nei 1590, doe't de befolking yn 'e Hollânske stêden bot groeide.

De spesjalisasje binnen it bedriuw waard wichtiger troch in skaalfergrutting fan 'e produksje en it mear brûken fan betelle arbeid. Oan

'e oare kant bleau op it mêd fan it iten op 'e klaaibedriuwen om 1800 hinne de sels-foarsjenning fierhinne bestean, benammen wat de suvelprodukten oanbelange. Nei 1511 kamen der mear grutte boerebedriuwen, foaral nei 1670. Tagelyk mei dy skaalfergrutting yn 'e greidegebieten fûn der in gruttere effisjensy fan it bedriuw plak. Nei 1750 kamen der yn 'e lânbougebieten mear lytse bedriuwen, dat hie ek te krijen mei de fersprieding fan 'e jirpel. Yn dyselde tiid, nei 1750, naam de produksje yn it klaaigreidegebiet ta, mei tagelyk in groei fan 'e befolking.

Mei troch it modernisearjen fan 'e Fryske lânbou naam de produksje ek ta, benammen troch yntinsivearring - mear arbeid de hektare of it bedriuw - en spesjalisaaasje, mar ek troch wichtige ynvestearrings op ferskate mêden. Bygelyks yn it lân troch it oanlizzen fan diken en drênaazje en troch it better bewurkjen fan it lân (wjudzjen, braak lizzen en bedongjen). Der waard ek ynvestearre yn 'e gebouwen, yn it beslach fee en yn it boerereau, lykas de ploegen en de weinen. Dêrneist fûnen ek maatskiplike ynvestearrings plak, dy't fan grut belang foar de lânbou wiene, lykas yn 'e kustbeskerming, ynpoldering en benammen yn 'e ôfwettering.

De Vries en Van der Woude hawwe in oersjoch publisearre fan 'e ekonomyske ûntjouwing tusken 1500 en 1815. It docht bliken dat tusken 1580 en 1630 yn Nederlân in unyk proses fan ekonomyske groei plakfûn hat, dat laat hat ta in bliuwend heger nivo fan 'e produktiviteit fan 'e ekonomy en de wolfeart fan 'e befolking. De skriuwers sjogge dat proses as it earste foarbyld fan moderne ekonomyske groei. Dy Nederlânske groei wie basearre op in goed oplate befolking, houtene masines, wyn, bakstiennen, turf, ynternasjonale hannel, ynpolderjen fan fruchtbere klaaigrûn en in desentralisearre urbanisearre boargerlike elite.

Knibbe lit lykwols sjen dat de neamde skriuwers der sûnder grûn fan útgien binne dat de ûntjouwing fan 'e pachten yn Hollân lykop gie mei de pachte-ûntjouwing yn 'e oare kustgebieten. Hy toant oan dat der wis wol regionale ferskillen wiene en dat dêrtroch De Vries en Van der Woude de groei fan 'e produksje en de produktiviteit fan 'e lânbou fan 'e kustgebieten as gehiel oerskatten hawwe. Neffens Knibbe hat der wol in groei fan 'e produksje en fan 'e produktiviteit west, mar dy is benammen ta stân kaam troch it yntinsiver yn kultuer bringen fan marzjinale lannen, troch ferbetterings yn it wetterbhear en troch it tanimmen fan 'e minsklike en dierlike arbeid.

De auteur wol mei de titel fan syn ûndersyk oanjaan dat Fryslân himsels lokkich priizje mei de ûntjouwing dy't tusken 1511 en 1830 plakfûn hat. Yn 1830 hie Fryslân, yn ferliking mei 1511, mear tierige grciden, bettere diken, produktivere kij en better ûnderhouden lân. Plcatsen wiene grutter, steviger en better boud. Der waard better ark brûkt en troch in goede

wize fan it ferdielen fan wurk en spesjalisasje wie de produktiviteit en de kwaliteit fan 'e produksje tanommen. Benammen troch in groeiende stêd as Londen wie der in nije merk foar de Fryske greideprodukten ûntstien. De leanen fan 'e arbeiders yn 'e Fryske lânbou wiene heger as dy fan dyselde arbeiders yn Hollân. Itselde gou foar it ambachtsfolk. Mei omdat Fryslân yn dy 250 jier amper te lijen hie fan oarloch, kin de konklúzje wêze dat Fryslân "lokkich" wie. Foarútgong yn 'e technyk fan it lânboubedriuw en 'e hannel leveren yn kombinaasje mei ynvestearings yn diken, huzen, feiligens en oplieding, in produktivere en foar grutte groepen op it plattelân ek in mear woltierige maatskippij op as yn 'e trijehûndert jier dêrfoar.

Merijn Knibbe hat in deeglike stúdzje skreaun oer de ûntjouwings yn 'e Fryske lânbou tusken 1505 en 1830. Hy hat by syn analyse tankber gebrûk makke fan it histoarysk Geografysk Ynformaasje Systeem (HISGIS) fan 'e Fryske Akademy. Mei help fan in stikmannich kreas yn kleur ôfprinte kaartsjes lit er sjen dat de wichtichste ferklearjende fariabele yn it klaaigebiet net de soarte fan lânbou of de soarte fan klaai wie, mar de hichtelizzing. Hoe earder oft It lân yn 'e maitiid droech lei, nammerste mear wie it wurdich!

↑